



**Ut 'e Pinne**  
**Ferienigingsblêd fan it Frysk Selskip**  
**'Fier fan Hûs' Apeldoorn**  
**Sûnt 9 desimber 1901**



**57<sup>e</sup> jiergong nr 1 – Septimber 2023**

# Personalia

## Eareleden

Aafje Miedema - Loonstra.

Hennie Wiersma - Wiersma

Lammert Toering

Theun Ruim

## Bestjoer

Foarsitter: Henk de Boer

De Wezeboom 4, 6971 HP Brummen  
06-53929111 [henkank.deboer48@kpnmail.nl](mailto:henkank.deboer48@kpnmail.nl)

Skriuwer: Gerrit Stegenga

Germanenlaan 26, 7312 JA Apeldoorn,  
055-3556700  
[fierfanhus.apeldoorn@gmail.com](mailto:fierfanhus.apeldoorn@gmail.com)

Skathâlder:

fakatuere

2° Foarsitter:

fakatuere

Lid: Froukje de Wilde – Witteveen

Rentmeesterhof 7, 6961 DB Eerbeek  
0313-654859, [witwil1940@gmail.com](mailto:witwil1940@gmail.com)

Lid / ferlotting: Lammert van der Meulen

De Parkelaar 11, 7339 JC Ugchelen,  
055-5341500  
[lammervandermeulen@kpnmail.nl](mailto:lammervandermeulen@kpnmail.nl)

Lid gastfrou: Atsje Roorda - Kooistra

Jacobus Meijlinkstraat 18, 7425 SM Deventer  
0570-591174

## Kritemeilibjen

It Kritemeilibjen wol graach op 'e hichte hâlden wurde fan sykte, ûngemak, en jubileums. Dan kinne wy meilibje troch in tillefoantsje, in kaartsje of in bisite.

Hennie Wiersma

Waagmeesterhoeve 509, 7326 RZ Apeldoorn,  
055-5337614

Jose Bonder

Arbeidstraat 12, 7311 CT Apeldoorn,  
055- 5223656

Sietske Stegenga

Germanenlaan 26, 7312 JA Apeldoorn,  
055-3556700

*By de foto op de foarside: de tjerke mei it glêzen dak yn Boalsert*

De simmer is omtrint foarby, de meteorologyske hjerst is begûn. It kriteseizoen likegoed ek. Ein septimber de earste kritemiddei en ein oktober de twadde. Oan it waar is it net te fernimmen dat de simmer foarby is. No't ik dit sit te typen (9 septimber) is it mear as 30 graden. Hiel apart sa'n waarme neisimmer. Ik hoopje dat jim allegear in goeie simmer hân ha sûnder meleur. It waar foel net altyd ta, mar moai, dat wy dêr sels neat oan dwaan kinne. Op sneon 16 septimber ha wy it 100-jierrich bestean fierd fan it Frysk Boun om Utens yn Swol. Fierderop stiet in ferslagje fan dit barren. De belangstelling hjirfoar fan leden fan Fier fan Hûs út Apeldoorn wie net grut. Komt dochs troch de beheinde mooglikheid fan reizgjen fan in protte fan ús leden. We wurde âlder en dat jout beperkings.

Hoe lang sil 'Fier fan Hûs' noch bestean? It ledetal rint stadichoan tebek, dus ek de belangstelling foar de kriteaktiviteiten. De lêste gearkomste, fan needs op sneontejûn, dêr wienen rom tritich leden presint. Mei sokke lytse tallen is it net mear ferantwurde (djoere) selskippen komme te litten. Mar dochs ha wy it frouljuskoar 'Tûzen Triennen' útnoege om ús te fermeitsjen. Se ha in jier as wat lyn ek bij ús west en dat hat doe wakker foldien. Dus kom hooplik allegear nei De Duiker. En op 9 maart komt Noordenbos & Ko op besite bij ús. Wy hoopje, dat it no al goed giet, ommers ferline maitiid koe harren optreden fan needs net trochgean; doe hawwe we Hymphamp hân.

Dat der minder minsken op ús kriteaktiviteiten komme, dêr sitte wij oer yn, mar ek oer it tal bestjoersleden. It soe sa moai wêze as der in pear leden it bestjoer fersterkje woenen.

Fan't simmer ha wy geregeld yn Fryslân west. Inkelde wiken mei de karavan en út en troch by ús soan, skoandochter en bemsbern. Sij wenje yn Tsjom. Kinne jo dat ferhaal fan de tsjerketoer yn Tsjom? Dy toer, boud yn 1548, is de op ien nei heechste yn Fryslân. In jier as wat nei de bou wie it de heechste. Yn Âldeboarn woe men doe ek in tsjerketoer bouwe, mar dy moast heger wurde as dy fan Tsjom. Inkelde Aldeboarners reizgen nei Tsjom om de hichte fan de toer te mjitten. Mjitapperatuer wie der net en dus waard de toer opmetten mei in tou. De Tsjommers hienen dit yn'e rekken en namen de Âldeboarners mei nei de herberch. Doe't se noflik bijjoar sieten knipten in pear oare Tsjommers in meter fan it tou ôf. Sa bleau de toer fan Tsjom doe de heechste. Neitiid neamt men de Âldeboarners Tuorkemjitters en de Tjsommers Toutsjeknippers.

Ik hoopje jim yn sûnens en leafst allegear te sjen op sneon 28 oktober.



**Spreuk:** Hâld moed en hinnen, as jo dan de moed ferlieze, ha jo de hinnen noch.





## Soms komme der dingen op jins paad.

Aukje de Boer-Holwerda

Ik (Aukje de Boer) krige it folgjende mailtsje fan de foarsitter fan de Fryske krite:

“Mij belle frou Karin W. sij is fersoargende yn in ferpleechhûs. Yn dat ferpleechhûs yn Twello wennet in Fryske frou dy't sa graach wer ris frysk prate woe. Ha jo de mooglikheid om dêr wat oan te dwaan? As dat sa is, wolle jo dan kontakt mei Karin opnimme, har telefoannumer is: 06 48 ...401.

Freonlike groetnis Henk de Boer”

Fansels sil ik dêr even hinne en dat die ik fan'e moarn yn Vila Martha Flora bij ús yn Twello. Wij begroetten inoar yn it Frysk en der wie fuortendaalks in klik. De man (Wim) is dementerend, de frou is nog goed bij de tiid – beide 88 jier en se ha yn Dokkum wenne, ha in saak hân, en se wolle bijinoar bliuwe en dat kin bij Martha Flora. (Google mar ris, sa soe it mei elk moatte, 1 op 1 soarch en alles is mooglik).

Dokkum en Nijewier, dêr stie myn widze, it leit hast neist inoar, dus ik wit al in soad fan dy hoeke. Al pratende blykt dat it bedriuw fan myn âlden, transportbedriuw Holwerda, en de saak fan de man faak mei inoar wurke hawwe. De man knikte dan sa fan ja sa wie it, mar hij koe neat mear fertelle, der wie herkenning. De frou (Houkje) fertelde dan bygelyks: “jo pake Holwerda hie allegear jonges”. De twa oeren fleagen om, en de Fryske taal wie sa fertroud. It wie oandwaanlik dat hij hieltyd even nei har seach en sei: Houkje ik hâld fan dy en dan sei sij: “ Ik ek fan dij en dat wilst do doch Wim”. De man dan wer: “ja, dat wit ik mar ik sis it dochs mar even”. Mei triennen yn'e eagen ha ik dit 4X heard.

Bij it ôfskie mocht ik de oare deis werkomme, dat sil it net wurde, mar mei fjirtjin dagen doch ik it noch in kear. De minsken ha sa genoaten en ik wie bliid dat dit op myn paad kaam. Lytse muoite, grut gebaar.

Dit woe ik mei jim even diele.

Leave groetenis,

Aukje de Boer Twello

## Hoe kaam Karin oan de foarsitter fan de Fryske Krite?

Karin wennet yn Klarenbeek en dêr hong by ien it Fryske wimpel yn'e tún, se hat oanbelle en se krige de Út 'e Pinne mei nei hûs. Se mailde mij (Henk) en sa kaam it fia in mailberjocht bij my (Aukje). No leit it “Friese kriteblad” yn Martha Flora yn Twello bij it pear op 'e tafel mei in sirkel om myn namme: de sirkel is rûn.

